


# Fryske Krite "Meiinoar Ien" Hurderwyk e.o.

skriuwers: *Siska en Kees van der Beek*  
[savanderbeek@gmail.com](mailto:savanderbeek@gmail.com)



## Winterskoft 2022 – 2023

Ja wier, de Krite doart it wer oan om mei in programma foar it nije winterskoft 2022-2023 foar 't ljocht te kommen.

Jo soenen hast sizze meie: "It hat lang genôch duorre mei dy koroana-pandemy."  
It wie wol in spul fan de lange asem en it hat in soad minsken slim te pakken hân.

It ôfrûne winterskoft 2021-2022 binne der 2 aktiviteiten west: 9 oktober 2021 wie ús krite gasthear foar it Frysk Boun om Utens – moarns de Algemiene Gearkomste, middeis de Moetings- en Ynspiraasjemiddei mei Lutz Jakobi yn har rol as foarsitter fan de Waddenferiening en dêrnei wie it teäter-barren 'Myn Skip' oer de skiednis fan it skûtsjesilen foar ús eigen krite-leden en gasten – in prachtdei, mar doe wie al wol dúdlik, dat in soad fan ús krite-leden noch bot skruten wiene en it net oandoarden om mei safolle minsken wer byinoar te krûpen. Sneon 2 april ha wy yn de Reinbôgetsjerke fan Drielanden it winterskoft ôfsluten mei de ledegearkomste en in lekker sjinees miel – alhielendal op kosten fan de krite en dat wie tige nei 't sin!

### No it kommende winterskoft:

- Wy sette útein mei de reguliere Ledegearkomste wêr't ferslach dien wurde sil fan it ôfrûne jier 2021/22 **Sneon 15 oktober** komme wy wer byinoar yn de Kiekmure. Middeis fanôf 15.00 oere binne jimme wolkom. Nei it húshâldlik part fan de middei sil Joke Zandstra, frou fan ús Fokke, in film sjen litte, dy't sy makke hat. "Anne" hyt de film, duorret sa'n 22 minuten en giet oer de wrakseling fan in mem, dy't har dea-berne poppe foar de wet registreare litte wol. In yngripend ferhaal, wêr't grif in soad minsken in eigen ûnderfining mei hawwe. De film is lanlik yn 'e prizen fallen en makket by in soad minsken hiel wat 'los'. Dêrom sille wy rom de tiid nimme foar neipetear. Wy wolle wer ôfslute mei in buffet en Frysk Byldbingo.

*N.B. Yn de ledegearkomste fan 9 oktober 2021 is praat wurden oer de takomst fan de Krite. Doe is ek de fraach oan 'e oarder kaam: "Wat dogge de sittende bestjoersleden as der bestjoersferkiezings oankomme?" Yn 2024 bestiet de krite 45 jier – de sittende bestjoersleden hawwe tasein oant dan te bliuwen. Lykwols: Mei de kommende Ledegearkomste fan **15 oktober 2022** steane wol bestjoersferkiezings op de wurklist: sawol Grytsje Assies as Durk Reitsma binne ôfgeand, mar dus noch wol wer beskikber. Mar, as der kriteleden binne, dy't sich beskiber stelle wolle foar in sit yn it kritebestjoer of in namme foardrage wolle fan in kritelid, dy't jo geskikt fine – jou dan dy namme(n) troch oan it skriuwerspear **foar 1 oktober 2022**.*

*([savanderbeek@gmail.com](mailto:savanderbeek@gmail.com))*

*(s.o.s.)*

- **Sneon 26 novimber** komt HYMPHAMP wer nei Hurderwyk. Sy hawwe in nij kabaret-programma: **“Op portret 3”**. De jûn begint om 19.30 oere – ynrin fanôf 19.00 oere.
- **Sneon 28 jannewaris 2023** komt it ACTA-teäter fan Ljouwert nei Hurderwyk. Twa pakesizzers fan Klaes Westra hawwe harren pake betocht mei in programma ûnder de namme: **“It komt wer foar ’t ljocht”**. Aeltsje Walsma en Gea Verhaag hawwe in nij programma makke mei âlde en nije ferskes en sketskes. Sy komme de middeis nei de Kiekmure: om 15.00 oere binne jimme wolkom – 18.00 oere is de kritemiddei ôfrûn.
- **Sneon 18 maart 2023** komt it toanielselskip **“PRO REGE”** fan Holwert nei Hurderwyk. Sy sille it blijspul **“Yn ‘e Keetring”** bringe. Ek dan binne jimme middeis om 15.00 wolkom yn de Kiekmure.

Sa’t jim sjogge: trije fan de fjouwer krite-aktiviteiten fine op ‘e **middei** plak. Wy tinke dat it foar in soad fan ús leden wol sa gaadlik is net langer mear noch let op ‘e jûn ûnderweis te wêzen. It wie de 26<sup>e</sup> novimber lykwols net mooglik om de middeis yn de Kiekmure noch sealromte te besetten.

Wy hope, dat der foar elk fan jimme wat bysit yn dit programma-oersicht. Fansels binne jimme alle middeis en dy iene jûn mear as wolkom en it stiet jimme frij om gasten en oare kunde mei te nimmen! Yn ‘e regel komt twa wike foarôfgeand oan de kritemiddei/jûn it kriteblêd by jimme yn ‘e bus mei neiere ynfo.

Wy hope jimme allegear yn sûnens wer te moetsjen oan ‘t begjin fan it nije winterskoft!  
No earst mar in hiele moaie simmer tawinske!

De skriuwers, Siska en Kees